




Taalmikser by:

Lindbergh – Torben Kuhlmann



Geskikt foar groep: 4 – 5 – 6

Rûte: **Mûs de útfiner**

Utwurking:

Doelen foar dizze Taalmikser:

Ynhâld: antwurd op de fraach 'wat is der nedich om te fleanen?'

Taal: aktyf brûke fan in oantal lestige wurden út it boek

Tarieding: Lês it boek foar of lit de bern sels dielen fan it boek lêze. Kies in oantal 'flean'-wurden út it boek om ekstra oandacht te jaan. *Besjoch de links yn ûndersteande beskriuwing en meitsje eventueel in kar.*

Startfraach:

By de Taalronde hawwe jim ferskillende útfiningen beskreaun. Watfoar útfiningen binne der betocht om fan A nei B te kommen?

Ferfolchfraach:

In hiele moaie, besûndere en handige útfining is it fleantúch. Kinne jimme betinke wat der nedich is om te fleanen?

Praat mei-inoar oer fleanen. Wat witte learlingen dêr al fan? Skriuw in oantal wurden oer it tema op it boerd en stjoer oan op it brûken fan dy wurden.

Ferdjipje jim yn de fragen:

- * Hoe kin it dat in fleantúch fleanen bliuwt? Brûk dêrby bgl. in filmke fan 'Het Klokhuis'.
- * Hoe is it fleantúch útfûn? Gie it sa as yn it boek of dochs in bytsje oars?
- * Wat is swiertekrêft? Komt alles wer nei ûnderen? Wêrom it iene earder as it oare?
- * Wêrom wolle minsken fleane? Is dat in goed idee? Brûk bygelyks it ferhaal fan Icarus.
- * Kinst sels in fleantúch meitsje? Lit bgl. ferskillende papieren fleantúchjes teare en test watfoar model it fierste komt. Foarbylden fan modellen foar papieren fleantúchmodellen binne te finen op https://www.google.com/searchrlz=1C1GCEA_enNL940NL940&source=univ&tbm=isch&q=hoe+m aak+je+een+papieren+vliegtuigje&sa=X&ved=2ahUKEwjX4q-2kclxAhXR_qQKHU3jC3kQjKjEgQICBAC&biw=1536&bih=754

Presintearje de befiningen yn in 'skoaatboek'.

Sa sjocht in skoaatboek derút: <https://www.youtube.com/watch?v=LDwgc7mZkmw>

Learlingen litte sjen wat se leard hawwe (dat kin per learling ferskille) en brûke yn it skoaatboek de



wurden dy't se leard hawwe.